

# MOASJE

p

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Sijbe Knol SP, Peter van Noort GrienLinks, Elsa van der Hoek PvdA, Anne Zijlstra CDA, Maaïke Prins
--

Moasje nr.	02
Paraaf	
Wurklistpunt	06
Beslút	

## MOASJE, ex artikel 31 Reglement van orde

Steategearkomste	21 april 2021
Wurklistpunt	06.
Koarte titel fan de moasje	Opkreasje en werûntwikkelje
De Steaten, yn gearkomste byien op 21 april 2021, heard hawwende de rieplachting; konstatearjende dat <ul style="list-style-type: none"><li>oeral yn Fryske doarpen en stêden der fertutearaze gebouwen en terreinen binne dy't derop wachtsje om werbestimd of ûntwikkele te wurden;</li><li>de wetjouwer in foarkar fêstlein hat foar bebouwing binnen bestead stedsgebiet<sup>1</sup>;</li></ul> oerwaagjend dat <ul style="list-style-type: none"><li>it oanwêzich wêzen fan sokke bouwurken en terreinen it doarps- en stedsgesicht skeint en in negatyf effekt hat op de leefberens, mar dat opkreasje gebouwen krekt in plus foar it doarps- of stedsgesicht wêze kinne;</li><li>grûnposysjes fanút it ferline nijere en geskiktere ûntwikkelingen wolris yn de wei sitte;</li><li>it Ministearje fan Ynlânske Saken in Juridische Expertpool Planschade (JEP) hat dy't dêr by helpe kin om problemen mei ferâlderde plannen op te lossen;</li><li>de Ryksoerheid fûnsen<sup>2</sup> beskikber hat foar werstrukturearring, mar dat der ek in flinke eigen kofinansieringsbydrage frege wurdt fan Provinsje en gemeenten;</li><li>dat de finansjele posysje fan in soad legere oerheden penibel is, en troch de eask fan kofinansiering dy werstrukturearring yn gefaar komme kin;</li></ul> sprekke as harren miening út <ul style="list-style-type: none"><li>dat it tige winsklik is dat de provinsje de gearwurking siket mei de Fryske gemeenten en oare belanghawwenden om mei-inoar fol yn te setten op it werstruktuerearjen en ferbetterjen fan de besteande wenningfoarried yn de Fryske doarpen en stêden;</li></ul> fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten <ul style="list-style-type: none"><li>yn de lobby nei it Ryk (en de EU) ta oan te trunen op ekstra fûnsen foar it opkreasjen en werûntwikkeljen fan de Fryske wenningfoarried, wêrby gjin of in leger oandiel oan kofinansiering fan de legere oerheden easke wurdt;</li></ul>	

<sup>1</sup> Ljeder duorsume ferstedsking: Artikel 3.1.6 Bro, nei ynfiering fan Omjouwingwet artikel 5.129g Bkl. De juridyske term 'stedsgebiet' (stedelijk gebied) jildt sawol foar stêden as ek foar doarpen;

<sup>2</sup> Yn de Utfieringsaginda wurde it Folkshúsfêstingsfûns en de Ryksregeling Flexpools neamd.

# MOASJE

en gear oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Sijbe Knol SP, Peter van Noort GrienLinks, Elsa van der Hoek PvdA, Anne Zijlstra CDA, Maaïke Prins